



**SUITE HOTEL**  
(Hotel suite)

**In komeedzje**

**fan**

**NEIL SIMON**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SUITE HOTEL – HOTEL SUITE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 1984 by Neil Simon**

**Copyright Frisian translation: 2001 by Neil Simon**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten, Telefoon (03)3.66.44.00, E-mail: [bestellen@toneelfonds.be](mailto:bestellen@toneelfonds.be) en Website: [www.toneelfonds.be](http://www.toneelfonds.be).

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Diana Nichols - frou, begjin 40

Sidney Nichols - man, begjin 40

Marvin Michaels - man, begjin 40

Bunny - jonge frou

Millie Michaels - frou, begjin 40

Diana Nichols - frou, hast 50

Grace Chapman - frou, midden 30

Sidney Nichols - man, hast 50

Norma Hubley - frou, sawat 40 (middelber)

Roy Hubley - man, sawat 40 (middelber)

Borden - jonge man, begjin 20

Mimsey - jonge frou, begjin 20

SUITE HOTEL bestiet út fjouwer ienakters, ûnderbrocht yn twa bedriuwen.

It is in kompilaasje út trije earder útbrochte toanielstikken fan NEIL SIMON.

## **EARSTE BEDRIUW**

Diana en Sidney (deel 1)-(út Suite California)  
Gast út Philadelphia - (út Suite California)

## **TWADDE BEDRIUW**

Diana en Sidney (deel 2)-(út Suite Londen)  
Gast út Forest Hills - (út Plaza Suite)

## EARSTE BEDRIUW

### Earste sêne

In suite yn it Beverly Hills Hotel.

De sitkeamer stiet fol mei blommen. It is sawat fiif oere middeis, begjin April. De gardinen yn beide keamers bin iepen, it ljocht falt troch de rúten nei binnen. Yn de sitkeamer sit Sidney Nichols, hy is Ingelsman, foar yn de fjirtich. Hy draacht in smoking, en drinkt in grut glês gin-tonic. Hy lêst "Daily Variety". Hy sjocht op syn horloazje, slacht de eagen op nei de himel en trommelt mei de fingers op de leuning fan de stoel. Diana Nichols komt út de badkeamer, docht yntiid har earbellen yn. Diana is ek Ingelske. Se draacht in lange jûns-jurk fan chiffonside, sichtber hiel prizich. Se besjocht har sels yn de spegel. Der sit in nochal frjemd plak op de linkerskouder fan har jurk.

**DIANA:** Klear, Sidney. Ik bin oanklaaid. Even sjen. *(se besjocht har sels yn de spegel)* Sidney? Alderferskriklikst! In absolute ramp... De Titanic yn chiffonside! O, god, wat hat dy kleanmakker hjir no mei útfretten?

**SIDNEY:** *(sjocht wer op syn horloazje)* Wêr bliuwt dy auto yn fredesnamme?

**DIANA:** Oftewol der is net genôch chiffonside, of der is tefolle fan my... ik ferskûlje my oan de linker kant, Sidney. God, ik hoopje dat it ûnder is. Sidney, kom ris sjen... en wês sacht yn dyn oardiel.

**SIDNEY:** *(giet oerein, rint nei de sliepkeamer)* It is al fiif oere west.. wy hiene tsien minuten ferlyn al fuort moatten. *(hy bliuwt yn de doar iepening stean en besjocht har)*

**DIANA:** No?

**SIDNEY:** Hoefolle hat dat koste?

**DIANA:** Neat. Joe Levine hat it betelle.

**SIDNEY:** Dan fyn ik'm prachtich.

**DIANA:** Do fynst'm ferskriklik. Ferdomme, ik woe datst net sa'n goede smaak hiest. *(besjocht har sels noch hieltyd)* Wat ha se my oandien,

Sidney? Dat ding op myn linker skouder liket dochts fertocht folle op in bochel. Ik bedoel, dy jurk hat minstens twatûzen dollar koste, at it net mear is, en ik sjoch der út as Richard de tredde... sjochst dy bochel, Sidney?

**SIDNEY:** Is dat net dyn normale, eigen bochel?

**DIANA:** Sit my net op de kast te jeien. Ik kom op televyzje.

**SIDNEY:** Ik sjoch gjin bochel. Ik sjoch gjin bochel. *(hy nimt in slok fan syn drankje)*

**DIANA:** It is krekt oft der in bult oan de linker kant sit. Sjochst net hoe raar at it sit?

**SIDNEY:** Hast alle papier wol út de binnenkant helle?

**DIANA:** Ik hie wat gewoans oanlûke moatten... Myn swarte broekpak. Wêrom ha ik yn fredesnamme myn swarte broekpak net oanlutsen?

**SIDNEY:** Omdat ik dat al oan ha.

**DIANA:** Wy hiene net gean moatten. Ik wit noait hoe't ik my yn dit freeslike lân klaaie moat. Yn Ingelân leit dat allegear folle makliker. Dêr dochst gewoan wat waarms oan. Wêrom bin wy hjir eins hinne gongen, Sidney?

**SIDNEY:** Omdat it allegear fergees is, leave.

**DIANA:** Glenda Jackson komt ek noait, en se krijt dochts elk jier wer in nominaasje. Wy hiene ek yn Londen wachtsje kinnen op in telefoantsje. Michael Caine hie dy Oscar grif wol foar my yn ûntfangst nimme wollen. Hy soe wat geastige en yntelliginte opmerkings meitsje... en dan soe gjin ien myn bochel hoege te sjen.

**SIDNEY:** Brûk it yn dyn eigen foardiel, skat. Se sille dy út meilijen mei dyn misfatsoen winne litte.

**DIANA:** Atsto no ris in earm om myn skouder leist... *(se leit syn earm om har skouder)* Do moattst dyn earm om myn skouder hâlde. At ik win, rinne wy tegearre nei foaren, dyn earm om my hinne, en se sille allegear tinke dat wy nei tolve jier noch hieltyd hardstikke mâl mei elkoar binne.

**SIDNEY:** O, ik tocht dat wy dat ek wiene. Ik ferjit it hieltyd.

**DIANA:** *(sjocht him oan)* Hoefolle gin-tonics hast al hân?

**SIDNEY:** Trije gin, ien tonic.

**DIANA:** Dan moattst dy tonics earst mar ris ynhelje... Wy wolle dochts gjin wangedrach jûn, of wol? *(se hellet de hannen troch it hier,*

*besiket der wat mear folume oan te jaan) Wat is der dochs mei myn hier? It sjocht der út oft ik it mei in mikser útkamt ha.*

**SIDNEY:** Doe'st Elizabeth spilest, seachst der út as in wratte-swyn, en doe hearde ik dy nooit kleien.

**DIANA:** Doe spile ik in rol, dit is de werklikheid. It echte libben, ik wol graach moai wêze... myn hier hat wol in hiel frjemde kleur. Ik frege om in ferfke, mar dy nicht hat my leau'k mei kryt bewurke.

**SIDNEY:** Sil ik dan ek mar mei myn earm om dyn holle rinne?

**DIANA:** Hielendal net leuk, Sidney. Do hast wol in hiel apart gefoel foar humor.

**SIDNEY:** Dat ha aparte minsken wol faker.

**DIANA:** O, krastus, wat ôfgryslig om sa yn'e klean te sitten. Wêrom fiel ik my dochs altyd folle mear op myn gemak at ik in oar spylje moat? Ik soe it alhiel gjin beswier fûn ha om as Hedda Gabler te gear.

**SIDNEY:** Besykje Quasimodo.

**DIANA:** Besykje dyn kop ris te hâlden. Hoe let is't?

**SIDNEY:** Let. Wy komme te let.

**DIANA:** Kontrolearje my noch gau even. Ha ik tefolle juwielen om?

**SIDNEY:** Rammelje der ris mei... dat wit ik pas at ik it hear.

**DIANA:** Soest no asjebleaft ris aardich foar my wêze wolle en my in komplimintsje jaan? lentsje mar. Ik bin al fan ôf fan'e moarn seis oere dwaande my te klaaien foar dit sirkus.

**SIDNEY:** Do sjochst der hiel moai út. En at dat dy net befalt, bist dan tefreden mei strieljend?

**DIANA:** Litte wy it gewoan op'e televyzje sjen. Wy soene op bêd lizzen bliuwe kinne, sjampanje bestelle, in potsje frije en allebeide yn ferwachting reitsje. *(de telefoan giet. Hy rint der hinne)*

**SIDNEY:** Doch watst net litte kinst, skat, mar ik wol dat sirkus foar gjin goud misse. *(nimt de telefoan op)* Hallo?.. Ja, dat komt út... Goed. Wy bin mei twa minuten ûnder. Tanke. *(hy hinget op)*

**DIANA:** Wêrom begjinne dy dingen altyd sa betiid? Gjinn inkele frou op dizze wrâld is by steat om der middeis om fiif oere goed út te sjen.

**SIDNEY:** Der waard ús frege om healwei seizen oanwêzich te wêzen om de parse te wurd te stean.



**DIANA:** De parse! Ik kin it hast net ôfwachtsje hoe breed se myn bochel útmjitte sille yn de krante!

**SIDNEY:** O, Diana...

**DIANA:** Wat?

**SIDNEY:** Ik stie op it punt te sizzen datst fan in mich in oaljefant makkest, mar ik betocht yntiids datst sa'n opmerking net al te flaaikjend fine soest.

**DIANA:** Ik moat in sigaret ha. *(se leit har hân op har mage)* O, Jezus, ik krij it soer wer. Wolsto foar in pak Rennies soargje?

**SIDNEY:** En foar heel Amearika mei in wite kalk-mûle te keap stean? Nim leaver in dûbele gin; dan ferdrinkst al dy flinterkes yn dyn mage gewoan. *(hy jout har in sigaret, jout har fjoer, rint dan fuort om in drankje foar har te heljen)*

**DIANA:** Wat in bizar gedoch eins. Acht jier by it Nasjonaal Teater, twa stikken fan Pinter, twa fan Becket, njoggen fan Shakespeare, trije fan Straw, en ik krij úteinlik in nominaasje foar in neat-betsjuttende komeedzje!

**SIDNEY:** It giet hjir net om de kwaliteit, mar om de kwantiteit. *(de telefoan giet. Hy jout har de gin. Hy nimt de hoarn op)*

**DIANA:** Ik bin der net. Al is it de keninginne, ik bin der net.

**SIDNEY:** Hallo?.. O, ja, hoe stiet it mei't libben?.. Och, se is wol wat senuwachtich... Tinkst fan wol?.. No, litte wy it hoopje... En betanke foar de blommen, de wyn, de moaie suite en al dy oare dingen dy'st besoargje litten hast... Ien tel, Joe. *(hy leit syn hân oer de hoarn)* Joe Levine. Hy wol dy sukses winskje.

**DIANA:** Sis mar tsjin him dat ik op't húske sit.

**SIDNEY:** De man hat dizze reis betelle, dizze suite, hy hat dy de moaiste rol besoarge dy'st yn fiif jier hân hast... dan sis ik net datst op't húske sitst.

**DIANA:** Dan sil it sels wol sizze. *(se nimt de hoarn oer)* Joe, leave, ik sei tsjin Sidney dat hy sizze moast dat ik op't húske siet... ik woe net mei dy prate, dêrom... omdat ik my ferantwurdlik fiel... ik wol dy jûn net sitte litte... Ik wit hoe folle dizze film foar dy betsjut, en ik wol it foar dy winne, Joe... sûnder dy bestie dy film net iens... No, ferdomme, it is wier. Atst earst troch fjouwer filmstudio's ôfwiisd bist, fertsjinnest in folhâlders-Oscar... Do bist in taai mantsje en ik adorearje dy... At ik jûn win, leave skat, dan is it gjin Oscar, mar in Joe Levine... Do bist in ingel. *(se hinget op)*

**SIDNEY:** Dat wie hiel leaf.

**DIANA:** Fûnst dat it goed klonk? Dit wurdt myn taspraak.

**SIDNEY:** Atst winst?

**DIANA:** Hielendal, útsein dat gedeelte dat ik op't húske siet. Wy witte fansels allebeide dat ik gjin kâns meitsje, mar je moatte dochs wat taryede. Ik kin dêr net stean gean te snotterjen mei in bochel op'e rêch... Mei ik noch in drankje, skat? En meitsje dy gjin soargen, ik sil my pas besopen gedragen at ik ferlern ha. *(se pakt him syn drankje ôf. Hy begjint oan in nijenien foar him sels)*

**SIDNEY:** Do hast likefolle kâns as elk oar.

**DIANA:** Ik ha it sentimint net oan myn kant. Je ha in sentimintele reden noadich om keazen te wurden. Elke goede aktrise kin aktearje, mar in oare helte dy't op stjerren leit soarget der seker foar datst yn de prizen falst. Do hast seker gjin sin om in deadlike sykte foar my op te dwaan, hen?

**SIDNEY:** Hie dat earder sein. Dan wie ik mei de Hindenburg kommen.

**DIANA:** Wat bin wy dochs in freeslik stel, of net, Sidney? God sil ús straffe.

**SIDNEY:** Dat hat er leau'k al dien. Drink op. *(hy drinkt)*

**DIANA:** *(drinkt)* Witst wol wat ik takom' jier wol ris dwaan koe, Sidney?

**SIDNEY:** Ik bid: Alles behalve Ibsen.

**DIANA:** Stopje. Der mei ophâlde. It aktearjen der oan jaan. Ik ha der gjin aardichheid mear oan. En it wie altyd sa leuk... Witst wat Larry Olivier ris tsjin my sei?

**SIDNEY:** Kinst my dat net yn de auto fertelle?

**DIANA:** Larry sei: "Aktearje is it moaiste en it nommelste datst mei dyn libben dwaan kinst, of it moat wêze datst de mazzel hast om lokkich te wêzen"... is dat net in geweldige útspraak. Sid?

**SIDNEY:** Absolút ymposant... of do moatst fansels de pech ha om mei in aktrise troud te wêzen. *(hy rint nei de doar)*

**DIANA:** It spyt my, Sid. Wie dat in ûngefoelige opmerking fan my? It hat neat mei ús te krijen. Ik bin altyd al ûngelokkich west. Dêrom bin ik, tink ik, sa'n ferdomd goede aktrise... Mar dat is dan ek alles wat ik bin.

**SIDNEY:** Soest dyn glês leech drinke wolle? Ik wol de útrikking foar it bêste lûd net misse.

**DIANA:** Ik bin jaloersk op dy, Sidney. Do hast allinne mar talinten. Do kinst better iten siede dan ik doch, do skriuwst better dan ik doch, God wit datst dy sels better klaaist dan ik doch...

**SIDNEY:** Better dan ik. "Doch" is oerstallich.

**DIANA:** En do praatst better dan ik doch. Jezus, wat bin ik bliid datst der bist. Je sille hjir dochs allinne troch hinne moatte.

**SIDNEY:** Ik leau net dat it de nominearden tastien is om allinne te kommen. Yn sa'n gefal krijst nei alle gedachten Burt Reynolds tawiisd as chaperone.

**DIANA:** Do hast der noait wat mei op hân, of wol? De iepeningen, de feestjes, al dy dingen der om hinne.

**SIDNEY:** Ik bin gek op iepeningen, ik sjoch út nei de feestjes. Ik lied in fantastysk, fleurich libben. Ik bedoel mar, litte wy wol wêze, skat, hoefolle antyk-hannelers út Londen tinkst dat der jûn by de útrikking binne?

**DIANA:** En ik tink datst dat stoffige winkeltsje fan dy hatest. Do bist der noait at ik dy belje... Wêr bisto middeis altyd, Sidney?

**SIDNEY:** Yn De Tsjerke.

**DIANA:** Om te bidden?

**SIDNEY:** Om te drinken. Dy kroech hyt "De Tsjerke". *(hy sjocht út it rú)* Ik hie bûten op dy wachtsje moatten. Dan wie'k noch brún wurden.

**DIANA:** Do hiest der net mei ophâlde moatten, Sidney.

**SIDNEY:** Mei aktearjen?

**DIANA:** Jezus, do wiest hardstikke goed. Do hiest mear yn dy dan wa fan ús ek.

**SIDNEY:** Echt wier? Wat hie ik dan allegear yn my?

**DIANA:** Do wiest sa sachtmoedich op it toaniel. Sa ûnsels-suchtich, do hiest safolle te jaan. In bysûndere, leave útstrieling.

**SIDNEY:** Ja, ik wie hiel geskikt foar de rol fan Ophelia.

**DIANA:** No, om earlik te wêzen, ja, dat is wier.

**SIDNEY:** Spitich dat ik net foar altyd sechtjin bliuwe koe. Wat in takomst soe der dan foar my lizze. Julia, Roxanne... der soe gjin ein oan de rollen komme...

**DIANA:** Do soest noch werom kinne, Sidney. Atst it woest, soe it noch

kinne.

**SIDNEY:** Wylst ik mei dy troud bin? O, dat soe in drama fan hjir oant Tokio wurde. Wy soene hieltyd audysje dwaan foar deselde rollen. Nee, ik bin folslein tefreden mei it ferkeapjen fan doar-kloppers út santjinhûndert... Sille wy dan no einlings mar ris gean?

**DIANA:** Earst wol ik datst my in tút joust en my sukses tawinskest.

**SIDNEY:** *(jout har in tút)* Hjir hast dyn tút. Draai dy even om, dan kin ik dyn bochelstsje aae en sukses winskje.

**DIANA:** Wês net sa'n rotsak, Sidney. Ik bin deabenaud.

**SIDNEY:** *(glimket nei har, dan waarm en fol leafde)* Ik winskje dy de hiele wrâld. Ik winskje dy sukses, ik winskje dy leafde, ik winskje dy gelok. Do bist in talintearre en bysûndere frou. Do hâldst it al tolve senuwslopende jierren út mei my en myn streken, en ik ha gjin idee wêrom. Mar ik bin tankber... Do hast no in heale man en trijekwart karriêre achter de rêch. Do fertsjinnest de folle hûndert prosint... Mei de jury it talint, de skjintme en de moed sjen dy't ik al jierren bewûndere ha... ik hoopje datst dy ferdomde Oscar winst... dan kin ik him oer fyftich jier foar in moaie priis ferkeapje. *(hy tutet har wer)*

**DIANA:** Ik hâld fan dy, Sidney.

**SIDNEY:** Neam my dan mar yn dyn taspraak. Kom. *(hy lûkt har de doar út, wylst se noch gau har hantas oppakt)*

**DIANA:** Dames en hearen fan de jury, ik tank jim foar dizze Oscar... Ik ha in brok yn myn kiel en ien op myn jurk. *(se gean ôf, dogge de doar achter har ticht. Stadichoan giet de dei oer yn de nacht, oant beide keamers tsjuster binne)*

## Twadde sêne

Oeren letter... sawat twa oere yn de nacht. De doar giet iepen en Sidney docht it ljocht oan. Syn swarte strik hinget los om syn hals. Hy sjocht der wat oansketten út. Hy lit de doar iepen stean en giet yn in stoel sitten. Sawat tsien tellen letter ferskynt Diana. Se hat behoarlik dronken en is net yn in geweldige stemming, om it mar ris sacht út te drukken. Se bliuwt yn de doar iepening stean, ûnseker hinne en wer swaiend.

**DIANA:** *(kuert nei it nûmer op de doar)* Wat dochst hjir yn fredesnamme?

**SIDNEY:** *(sjocht nei har)* Dit is ús keamer.

**DIANA:** Nee, hear. Wy sitte oan de oare kant. Kom der út, heale soal.

**SIDNEY:** Do bist besopen, skat. Gean op bêd. *(hy skopt syn learen skuon út)*

**DIANA:** Jou my de kaai.

**SIDNEY:** Ik sei dochs dat dit ús keamer is: 203 en 204.

**DIANA:** *(draait har om en sjocht yn de hal)* Wy sitte yn 201 en 202.

**SIDNEY:** Gean dan mar sliepen yn 201 en 202, atst sa noadich wolst. Do hast altyd maklik nije kontakten lein.

**DIANA:** Ha! Moatsto noadich sizze! *(se komt der yn en docht de doar ticht)* Hoe let is't?

**SIDNEY:** *(sjocht op syn horloazje)* Fiif oer healwei trijen... miskien wol seis oer healwei trijen.

**DIANA:** *(skopt har skuon út)* Gean wy wer superieur dwaan.

**SIDNEY:** Do bist smoardronken, of net?

**DIANA:** Do hast dy de hele jûn sitten te fergriemen... *(se lit har op de sofa falle)* de hele... "nim my net kwea ôf dat ik it sis"... jûn.

**SIDNEY:** Nim dy net kwea ôf datst wat seist?

**DIANA:** "Kloate"-jûn.

**SIDNEY:** Wêrom seist dat dan drekt net?

**DIANA:** Omdat ik in dame bin. In ferliezer en in dame. Ik bin in geweldige ferliezer en in noch geweldiger dame.

**SIDNEY:** Wa wie dat famke wêrst oerhinne koarrest?

**DIANA:** Pardon?

**SIDNEY:** Ik frege wa't dat kreaze famke wie yn dy pearse, wide jurk, wêrst oerhinne koarrest.

**DIANA:** Hoe moat ik dat no witte? At ik alle kreaze famkes yn pearse, wide jurken wêr't ik op koarje telle moast, hie ik gjin tiid mear om te winkeljen.

**SIDNEY:** No, ik leau dat har man ien fan de direkteuren fan Universal Pictures is. Der sil earst snie falle moatte op Tahiti foar datsto oait wer in rol krijst by Universal Pictures.

**DIANA:** Of it moat in rol wêze wêr yn't koarre wurde moat op pearse, wide jurken... yn dat gefal meitsje ik uteraard in grutte kâns.

**SIDNEY:** Ik wol net graach klinysk oer komme, mar do hast sels gjin lunch, gjin diner en sels gjin hapkes hân, hoe is ie dan yn fredesnamme moochlik dat koarje moatst?

**DIANA:** Atst mar styl hast, dan kinst alles. *(se giet oerein en swaait hinne en wer)* Ho. Hoelang wolst hjir noch mei troch gean?

**SIDNEY:** Wêr mei troch gean?

**DIANA:** Mei sanikjen yn de ferkearde hotelsuite. Ik bin wurch. Ik wol myn bochel ôf dwaan en op bêd.

**SIDNEY:** Ik moat sizze dat ik it mar in ferfelend gedoch fûn. Fûnsto it net ferfeelsum?

**DIANA:** Hie ik dy net ferteld dat ik hoe-hyt-s'ek wer op de dames wc sjoen ha?

**SIDNEY:** Wa?

**DIANA:** Hoe-hyt-s'ek wer? Deselde dy't ik op de dames wc sjoen ha.

**SIDNEY:** Hoe moat ik dat no yn godsnamme witte?

**DIANA:** O, Kristus, do kinst har wol... Se wie op de dames wc.

**SIDNEY:** Kinst ek wat spesifiker wêze?

**DIANA:** Barbara.

**SIDNEY:** Streisand?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407

**TONEEL**  
**UITGEVERIJ**  **INK**

**“Samenspelen” is ons motto**